

Moasje

Moasje Sinnepanielen op dakken, foar sinnefjilden

Dizze moasje heart by agindapunt 14 "Grondaankoop voor de uitbreiding van het Bedrijvenpark Drachten Azeven Zuid" fan de riedsgearkomste fan 26 maaie 2025

Foarstel

Wy freegje de ried om:

- út te sprekken dat de oankochte grûn dy't bûten it wurkingsgebiet fan "Bedrijvenpark Drachten Azeven Zuid" leit yn de takomst foarearst net ynsetten wurdt foar it realisearje fan sinnefjilden wylst de potinsje fan sinnedaken net optimaal brûkt wurdt op it neistlizzen yndustriegebiet A-sân.

Wy freegje it kolleezje om:

- der op oan te trunen dat by de realisearje fan nije bedriuwen op it yndustrieterrein ynset wurdt op sinnepanielen op dakken en op syn minst te easkjen dat dizze dakken en konstruksjes skikt makke wurde om yn de takomst it gebiet (bygelyks as weromleverje of enerzjy-opslach wol mooglik is) fan genôch sinnepanielen te foarsjen.

Motivaasje

- De enerzjy-opjefte wurdt hieltyd mear knipend;
- It sels opwekken fan stroom wurdt hieltyd wichtiger, wêrby ek eigen opslach ta de mooglikheden beheart;
- Ús lânskip feroaret mear en mear yn in enerzjylânskip;
- Dit wylst de potinsje fan dakken lang net folslein benut wurdt. Om lân, lykas it gebiet bûten it wurkgebiet sa lang mooglik iepen te hâlden, en geskikt foar bygelyks lânbou en natuer moat de prioriteit earst lizze by it, wêr mooglik, optimaal brûken fan de dakken.

Dizze moasje wurdt yntsjinne troch: Harm de Jong.

Yn te foljen troch de griffy:

Dizze moasje is fersmiten yn de riedsgearkomste fan 26 maaie 2025

Foar stimden: FNP (2 stimmen)

Tsjin stimden: Opsterlands Belang, PvdA, CDA, ChristenUnie, GroenLinks, VVD, D66 (18 stimmen)

De griffier,



Laura Meijer

De foarsitter,



Andries Bouwman

In moasje is meastentiids in fersyk oan it kolleezje. Alle riedsleden kinne in moasje yntsjinje yn de riedsgearkomste. Yn dy riedsgearkomste stimme de riedsleden oer de moasje, dan wurdt hy oannaam (de mearderheid stimt foar de moasje) of fersmiten (de mearderheid stimt tsjin de moasje).